




Afûk komt mei Fryske Taallear-app: meld dy oan foar de Waitlist! ➡

De Afûk is drok dwaande mei de ûntwikkeling fan in nije Fryske Taallear-app! It wurdt de earste app dy't gebrûk makket fan avansearre A.I.-technology foar útspraakwerkenning spesjaal foar it Frysk! 🗣️

De Taallear-app is bedoeld foar Nederlânsktaligen dy't it Frysk leare wolle foar yn sosjale situaasjes of bygelyks foar it wurk. Mar ek foar begjinnende Fryskpraters dy't harren feardichheden ferbetterje wolle, is de app hiel geskikt. Sita Postma, Haad Underwiis by de Afûk: *"Mei de app kinne minsken aanst op in leechdrompelige wize yn 'e kunde komme mei it Frysk. Sa wolle wy de taal fitaal hâlde."*

De app sil ein 2025 lansearre wurde. Om de ynhâld goed oanslute te litten by de winsken fan takomstige brûkers, sykje wy nijsgjirrige en entûsjaste taalavonturiers dy't meitinke wolle oer de ynhâld fan de app. Dêrfoar is no in saneamde 'waitlist' oanmakke. Meld dy oan op: taalhelp.frl/waitlist. Bliuw op 'e hichte fan de ûntwikkelingen, tink mei én krij as earste tagong ta de app sadree't dy beskikber is!

Nijs



Lit mem witte dat sy de alderleafste is!

Sikest noch in kado foar Memmedei?

Wat tinkst fan dit nije **'Noflik op 'e bank-pakket'** spesjaal foar

Mem? 🤪 Mei in moai boek, tee, sükelarje, dropkes en in leave kaart jousto mem hearlike **Me(m)-time!**

Snein sette wy mem yn it sintsje, en dat dogge we fansels yn de taal fan ús hert!

[Sjoch gau yn ús websjop foar alle Memmedei-kadotips.](#)



Boekpresintaasje

No sneon 10 maaie is de boekpresintaasje fan it prachtige, kleurrike printeboek [Anton yn it Museum](#). Alwer it 5e berneboek fan skriuwer en yllustrator Mirjam van Houten. It printeboek ferskynt tagelyk yn it Frysk én it Nederlânsk. **De presintaasje fynt plak op 10 maaie om 14.00 oere yn de Afûk winkel.** Elkenien is fan herten wolkom! Us winkel is boppedat sneon de hiele dei iepen (10:30-

17:00 oere). [Ideaal foar de lêste](#)
[Memmedei-kadootsjes!](#) 🍷




Wa wint de Gouden Fear

Doch mei oan de **Lytse Gysbert Japicxpriis!** 🏆 Dé priis foar it bêste Fryske gedicht. Alle bern út de groepen 7 en 8 fan basisskoallen yn Fryslân kinne meidwaan. De winner kriget in spesjale oarkonde en fansels dy fûl begearde 'Gouden Fear'.

Foar skoallen dy't meidwaan wolle, is der online lesmateriaal beskikber en der binne workshops 'Frysk dichtsjen' foar op skoalle.

[Gedichten kinne ynstoerd wurde o/m 20 juny.](#) [Mear ynformaasje >>>](#)

Boeketips



De Lytse Walfisk - *karton*

- *Benji Davies*

It boek 'De lytse walfisk' is der no ek as kartonboekje!

Boi wennet mei syn heit en seis katten yn in lyts fiskershúske. Op in moarn fynt er in lytse walfisk dy't op it strân oanspield is. Dat is it begjin fan in bysûndere freonskip...

€ 11,- Bestel



Sake ûntdekt in wûndereilân

- *Tjits van der Wal*

Nij! *Sake ûntdekt in wûndereilân* is it debút fan kreative tûzenpoat Tjits van der Wal, bekend fan *Tjitsfloch*.

In fantasyrike fertelling oer har eigen bern, wêryn't de wille fan bûten-boartsje mei ferbyldingskrêft sintraal stiet. Want mei fantasy kinst oeral wêze en alles belibje watst mar wolst. Sa hoechst dy nea te ferfelen!

€ 14,95 Bestel




Mem, fertel!

- Dieuwke van der Meer

In boekje fol fragen foar mem. In moai oantinken foar de bern.

Hoe seach mem har keammerke der eartiids út? Wannear kaam ús mem ús heit tsjin? Hoe gong dat? Wat makket mem gelokkich?

Moai kadootsje foar Memmedei!



Frjemde Fûgels

- Jan Schokker

De ferbylding foarby. Oan 'e sleat-kant fan syn tún stiet Jan Schokker agressyf beamtakken te snoeien. In grien fûgeltsje sprekt him dêrop oan. Dy hat krityk op Schokker syn rûge kealslach. Wat folget is in nijsgjirrich petear, net allinne oer de keunst fan it snoeien, mar ek oer mooglike ûnderwerpen foar kollums. Wat te tinken bygelyks fan Yogafûgels, Knooppuntdownen, Foarum-ûlen, Nêstbouwers en Seksy fûgels?

It tsiende boek fan Jan Schokker. Ek dizze bondel mei sa'n 50 kollums docht wer tsjûgen fan syn fermaaklike styl fol selsspot en droege humor.

Mem, fertel!


- Dieuwke van der Meer

In boekje fol fragen foar mem. In moai oantinken foar de bern.

Hoe seach mem har keammerke der eartiids út? Wannear kaam ús mem ús heit tsjin? Hoe gong dat? Wat makket mem gelokkich?

Moai kadootsje foar Memmedei!

€ 3,75 Bestel



Oorlogstranen op Ameland

€ 18,50 Bestel



Goeiemoarn!

- Auck Peanstra, Jeltsje Reitsma,
Lida Dykstra

Nij! In skattich kartonboekje mei yllustraasjes fan Marijke Klompmaker.

Sân rymkes foar lytskes oer iten, lêzen, sliepen en oare werkenbere mominten troch de dei hinne.

€ 9,95 Bestel

- *Auke Zeldenrust*

In 1946 opent vakantiehuis De Terrorist de deuren voor weduwen en kinderen van gestorven verzetsstrijders en voor mensen die gewond of getraumatiseerd uit de Tweede Wereldoorlog waren gekomen. Ze gingen gratis op vakantie: uitwaaien op Ameland, in de hoop dat de zeewind hun tranen zou drogen.

Tot 1953 bezoeken ruim 2500 vrouwen, mannen en kinderen het huis. Ze zingen, spelen en dansen er. En delen als lotgenoten hun geschonden verleden. Zo kunnen ze het verdriet van de vaste wal even vergeten.

Schrijver/journalist Auke Zeldenrust dook de archieven in en sprak met nabestaanden van deze Amelandgangers. Zo verzamelde hij tal van persoonlijke geschiedenissen, die alle tot op de dag van vandaag doorwerken.

€ 26,90 Bestel

Ferskaat



Fries leren?

Doe mee aan een interactieve proeverij en ontdek of een cursus Fries iets voor jou is!

In Leeuwarden, Heerenveen of Sneek.

Lêste kâns om oan te melden foar ús priuwerij!

Ontdek of een cursus Fries iets voor jou is, met een **gratis proeverij!** Tijdens deze workshop laat een docent Fries je zien hoe de cursus eruit ziet en wat je gaat leren.

> Fries verstaan in Leeuwarden:

dinsdag 13 mei, 19.30 uur.

> Fries spreken in Heerenveen:

donderdag 22 mei, 19.30 uur.

> Fries schrijven in Sneek:

maandag 19 mei, 19.30 uur.

[Meer informatie en aanmelden >>>](#)



Fryske digitale stikers!

Wy hienen se al foar WhatsApp, mar se binne der no ek foar Signal: De **Praat mar Frysk app-stickers!**

Wolst se ek brûke yn dyn gesprekken? Tsjek de [website fan Praat mar Frysk](#): samar klear! 😊



Rely Jorritsma, foto: FLMD

Rely Jorritsmapriis 2025

Wa't gading meitsje wol nei in Rely Jorritsmapriis, kin noch oant 15 maaie in ferhaal en/of gedicht ynstjoere. De sjuery sil elk bekroand ferhaal of gedicht honorearje mei € 1000,-! [Mear ynformaasje >>>](#)

Folgje de Afûk op:



AVG is de Europeeske wet foar gegevensbeskerming. Dy wet, dy 't op 25 maaie 2018 fan krêft wurden is, skriuwt foar hoe't bedriuwen mei de (persoans)gegevens en privacy fan klanten hearre om te gear. Wy fine jo privacy tige wichtich en dêrom wolle wy jo hjir graach ynformearje oer ús [privacy-belied](#). Wy hoopje dat wy jo op 'e hichte hâlde meie fan nije boeken, projektniis, (win)aksjes en (ûnferjitlike) eveneminten.

Binne jo it net iens mei ús belied, dan kinne jo jo útskriuwe.

[myn nijsbriefgegevens oanpasse](#) of [útskriuwe](#).